

**De skoarstien dy't net mear rikke.**



**Krysttiid, 26 desimber 1927.**

**Wynjeterp.**

It hie in moaie twadde krystdei west. De dominy hie harren in bliid boadskip fan frede en ferlossing mei jûn.

Oege en syn frou hiene krekt as syn boer nei deselde tsjerke west en setten op hûs oan. Se hoegden net fier te rinnen. It arbeidershûs, dat se in bettere tiden fan harren boer keapje kinnen hiene, stie deun by de tsjerke, hast oan it selde paad dat nei de feart ta rûn. Dêryn fearen doedestiids noch turfskippen.

It wie net in grutte wente, mar foar harren en de fjouwer bern dy't se krigen hiene, wie der dochs krekt romte genôch. De foarkant seach út op it tsjerkje út 1778. It stie wat op in hichte, en oan de westkant seagen jo de klokkestoel mei trije klokken dy't elke snein in heal oere foar de tsjinst let waarden.

Foar en efter de wente wie in stikje greide dêr't Oege it gers meande foar de iennichste ko dy't er hie. Eins, wie dat lang net genôch. It fjildsje lei wat heech en sa't men wol wit, hat men foar ien ko hast wol in hektare grûn nedich en safolle wie der lang net.

Fan de tsjerkfâden hie er dan ek permisje krige om it gers op it hôf te meanen. Sadwaande wie er nei syn wurk by de boer en dan ek faak noch ta de jûn út op it hôf oan 'e slach. It wie net allinne min wurk, dat meanen om de stiennen hinne, mar de ko woe winlik gjin bek op dat gers sette. Der siet, ja sa is it no ienkear, in luchtsje oan, en kij binne wat soks oanbelanget frij wat tier. Se frette ommers ek gjin gers dat om harren eigen stront hinne stiet.

De minsken dy't nei de preek west hiene rûnen alle kanten út. De boer en de frou rieden yn in sjees nei de Binnenwei ta en sloegen loftsôf, op wei nei harren grutte pleats dy't oan in leane mei

ikebeammen, wat efterút stie. It wie in rike boer en yn dy tiid wie in plattelânsbefolking hast hielendal fan sokke minsken ôfhinklik.

It hie Oege en de frou goed foldien, dy bemoedigjende wurden fan de dominy. Efter harren oan kaam buorman Jehannes, dy't neist harren op in hierpleats fan de tsjerke wenne. Foar dy man wie it ek wol skrabjen om 'e kant, mar hie it dochs folle better as Oege en dy. Ek de dominy sette ôf nei syn pastorij oan de Binnenwei. It wie in moaie wenning dy't mei soarch boud wie. De earste stien dêrfan wie op 2 april 1878 troch de tsjerkfâden lein. (Dy earste stien binne eins twa stiennen oars koene de nammen fan de 6 tsjerkfâden der net op).

### **Oege**

Syn gong wie swier, hy wie wurch. Wurch? Ja, tige wurch fan it swiere wurk dat er dwaan moast. Dochts wie er noch lang gjin santich jier. Dêr hoege jo je lykwols net oer te ferwûnderjen, want hy hie altyd al in swier libben hân. Fan jongs ôf oan wie it skreppen west. As âldste fan in team bern thús moast er al betiid meihelpe om't der jild op 't kleed komme moast. De bern moasten har gerak krije. Dat koe syn heit allinne lang net oan. Doe't er letter troude mei Eabeltsje, kaam der wat mear glâns yn syn libben, mar lang bleaune se net allinne. Der kamen bern mei hongेरige mûltsjes, dat der moast op 'en doer in hokje tsjin it hûs oanboud wurde.

De tiid bruts oan dat de bern de doar útgiene, dat joech wat ferromming, mar net lang. It wurk by de boer foel him swier. De krêften minderen. De wurgens fan de foarige jûns sieten him de oare moarns noch yn 'e lea. Hy waard slim siik en lei it byltsje derby del. Mar doe't er wer better wie, koe er de jongkeardels mei lijen beskreppe. Dat wie fan dy gefolgen dat de boer syn lean mar foar de helte útbetelle.

Lokkich soe it better wurde, hy krige mei koarten pensjoen. Trije gûne wyks, by de njoggen gûne dy't er by de boer fertsjinne. In stik bûter yn de brij. Op 27 desimber wie it sa fier, dan waard er 65 jier. Ek al soe er dy wike wat minder jild barre om't de frije dei, dy fan de twadde krystdei, net útbetelle waard. Dat soe dan ommers wer kompensearre wurde troch de trije gûne dy't er fan de steat krige.

### **De Besite**

Nei it waarm miel siet er wat te slûgjen yn de reiden stoel, Dêr hie er sa'n ferlet fan. Hy seach der och sa nei út. It wie somtiden sa, as er op woansdei de put der al út hie, dat er dan by himsels tocht: Wie it mar snein, dan soe ik my noflik deljaan kinne. En no wie it snein, it waard jûntiid en skimerich. Doe ynienen gong de doar iepen en stapte der ien yn. 'De boer wrachtsjes', sei Eabel. Oege skrilte op, skuorde de eagen iepen, rekke 'm nochris út en sei ferheard: 'De boer, hie 'k tocht, dat bart net sa faak.'

'Nee', sei er, 'mar ik tocht by mysels, ik gean no mar efkes nei Oege ta. Moarn ha ik der gjin tiid foar want ik moat nei de stêd ta en moarn is it jo jierdei is 't net sa?' 'Dat jo dat witte boer', sei Oege ferheard, 'dat docht my goed dat jo dêrom tocht ha.' 'Ja', sei de boer, 'jo wurkje ommers al sa lang by my, dat soks kin ik wol ûnthâlde.'

'Ik bin it Tsjerkepaad mar del kaam, dat foar jo hûs langs giet nei ús buorkerij. Dat wie wat koarter.' Eabel sette in stoel foar him ree en jitte tee út, se lei der fuort wat by. 'It is wol in dei te gau, mar dat fine jo net slim wol?', sei de boer. 'Sjoch ik ha wat efter yn it efterhûs foar jo delset. It is wol net folle, mar jo kinne it fêst wol brûke, tinkt my.' 'Dat sil wol fan pas komme, dêr kinne wy jo wol foar', sei Eabeltsje. 'Tankje wol hear !!'

Der foel wat in stilte. Doe sei de boer: 'Dus moarn wurde jo 65 jier, dan krije jo pensjoen, is 't net sa? Wykliks trije gûne derby.'

'Ja, dêr bin ik och sa bliid mei', heakke Eabel dêrop yn, 'want Oege bringt net folle mear yn.' Dat hie se net sizze moatten, de boer seach har kâld oan. Dêrom sei se der ek mar gau efter oan. 'Dat is gjin ferwynt nei jo ta, hear, wy binne al tige bliid dat jo Oege oan it wurk hâlde wolle.'

'Jo ha ek nei de preek west? ', frege de boer. 'Ja', sei Oege, 'dat wie in moaie preek fan frede en tankberens'.

'Krekt', sei er, 'sa moat it wêze, dat fyn ik ek. Tankberens, dat moast er wat mear wêze yn dizze wrâld'.

Al wer in stilte, de boer helle syn goud út de bûse en sei: 'Kom, ik moat mar wer ris op hûs oan, tanke foar de tee en doe ynienen: 'Binne jo wolris wurch Oege?'

'Wurch? Jawis wol, ik wurd ek âlder en kin net mear mei it jongfolk oparbeidzje, mar dat witte jo ek wol'.

'Ja, Ja', sei de boer, 'ik wol sels ek hast ophâlde dit jier. Soan Jentsje sil de pleats oernimme kommend jier en dan gean ik ek nei it doarp ta te wenjen. Dêr lit ik in rinteniershûs bouwe troch de timmerman út it doarp. Mar wat oars, no kaam ik Sibbele tsjin en dy hie gjin wurk mear en dy smeke my hast om oanslach. Ik hie mei de man te dwaan, dat ik ha tsjin him sein dat er 1 maaie begjinne kin'.

'Dat is och sa moai fan jo boer', sei Oege, 'dy minsken binne it nedich. Jo ha in goed hert'.

De boer krige wat in kaam troch dy loovjende wurden. Hy skrabbe syn kiel en sei: 'No hie ik sa tocht, om't jo dochs wat âlder wurde en ek net mear sa goed meikomme kinne by it arbeidzjen, moasten jo it mar wat kalmer oan dwaan'.

'Kalmer oan dwaan?', Oege wist net wat er hearde, der wie gjin boer dy't soks oanbea oan syn arbeiders. 'Jo begripe my ferkeard', sei de boer, 'ik hie tocht om't jimme der dochs trije gûne by krije, moasten jo der 1 maaie mar mei ophâlde'. Oege en syn frou wiene ferbjustere. 'Mar wy kinne dochs net fan trije gûne libje mei syn beiden, dat liket nearne op, dat kin net'.

'Och', sei de boer, 'jimme sille wol wat oersparre ha en oars kinne de bern ek wol byspringe. It spyt my wol, mar ik kin gjin fjouwer arbeiders yn tsjinst hâlde, de molkeprijis is ek al wer mei in healtsje ferlege'. De machtige boer kaam oerein, groete, en doe't er gjin andert krige slûpte er hoeden ta de doar út.

Ferslein sieten de twa âlde minsken by de tafel, frede en tankberens. De triennen dripten Eabeltsje út de eagen en foelen op it swilkje fan de tafel. Oege suchte en stoarre foar him út nei bûten dêr't de winter al yn it oankommen wie. Hoe moast it no fierder? Earst grutte blydskip om de trije gûne, no djippe drôvens om it ûnrjocht en it leed dat oer harren kommen wie. Oege knoffele oerein, en struts syn wyfke oer it hier. 'Wy moatte betrouwen ha', sei er sêft tsjin har, 'miskien komt der help.' Dy nacht kaam der hast neat fan sliepen. Se klagen harren need oan de Skepper, mar der kaam gjin help, hoe dan ek mar.

It waard 1 maaie 1928. Der wie gjin wurk mear foar Oege. Der wie gjin gouden horloazje mei ynskripsje, der wie gjin feest mei taspraken en ek gjin ôfkeapsom fan tûzend gûne.

Op de buorkerij wie wer folop wurk, mar Oege koene se net brûke, dy wie te djoer.

Oege heukere de simmer troch mei wat min betelle putsjes hjir en dêr. It hâlde net oer. De ko moast ferkocht wurde. It gers om 'e grêfstiennen hinne moast er noch wol meane, dat wie sa ôfpraat.

### **Krysttiid, tiisdei 25 desimber 1928**

Doe't it wer Krysttiid waard wie alle jild op en doe't de minsken, mei de boer foarop, wer foar frede en leafde nei de tsjerke tûgen, wiene Oege en Eabeltsje der net mear by. De buorlju wiene tige ferheard dat se der net wiene. Doe't it feest foarby wie en elk nei hûs gie mei in grouwe sinesapel, stuts buorman Jehannes efkes by Oege en de frou oan. Hy krige gjin gehoar, de gerdinen sieten ticht en de skoarstien rikke net. My eangst en beven bruts er yn en fûn de beide minsken yn de bedstee, hân yn hân. Se wiene dy krystmoarn net mear wekker wurden. Se hiene gjin stipe oanfreegje wollen en woene nimmen ta lêst wêze. Op 'e tafel leine de trije gûne dêr't se fan libjen moasten. En bûten foelen de earste snieflokken, sa hoeden, as woene se alle ellinde bestopje. Frede en leafde yn 'e wrâld hie de dominy sein, yn dit húske oan it Tsjerkepaad wie de frede ek kaam, de frede fan de ivige rêst.

\*Mei tank oan J.v.d.Tol

Henk F. Hansma  
Hemrik.